



Sjonge: Jierdei

Ut *Deuntsjes foar dy*. Tekst en muzyk:
Hindrik van der Meer

Tiger hat har jierdei! Wat heart der allegear by in jierdei? In pakje, slingers, in fersierde stoel, in taartsje. Mar ek in jierdeiferske fansels! De bisten sjonge in jierdeiferske foar Tiger. Kinne de bern ek in jierdeiferske sjonge?

Op it plak fan 'Nynke' kin fansels 'Tiger' ynfolle wurde of in oare namme.

Jierdeiferske

Nyn-ke hat har jier-dei, se stiet op 'e stoel. Al-le-gear-re slin-gers, fleu-ri-ge boel.

Sjong mar foar Nyn-ke, sjong mar ta. Sjong mar foar Nyn-ke, hyp hyp hyp hoe-ra!

Nifelje: Ballonnen

Nedich: ierappelstimpels, pantsjes mei ferskillende kleuren ferve, grut fel papier mei de tiger derop, in potlead

Tarieding: meitsje fan ierappels ienfâldich in stimpel troch se yn twaën te snijen, meitsje op de fellen papier in tiger. Dat kin troch de tiger hielendal nei te tekenjen of te fervjen, mar miskien leit de tiger wol ûnder in tekken en sjogge jim allinne in stikje fan syn kop.

Lit de bern it fel papier sjen. Sjogge se Tiger lizzen? De oare bisten litte de ballonnen hiel foarsichtich oer Tiger hinne sweve. Lit de bern de ierappel foarsichtich yn de ferve drukke. Stimpelje mei de ierappel ballonnen op it grutte fel papier. Mei in potlead kin in toutsje ûnderoan de ballonnen tekene wurde. Hielendal ûnderoan leit sliepde Tiger. Sy hat neat yn de gaten!



it printeboek fan 2018

It ferhaal 'Ssst! Tiger sliept'

Fan 24 jannewaris oant 3 febrewaris binne it de Nasjonale Foarlêsdagen. It printeboek fan 2018 is 'Ssst! De tijger slaapt' fan Britta Teckentrup. Dit boek is net yn it Frysk ferskynd. Om it printeboek dochs yn it Frysk foarlêze te kinnen, is yn dizze lêsbrieff in oersetting fan de tekst opnommen.

Yntroduksje

Nedich: knuffel (miskien hawwe jim wol in tiger-knuffel?), in tekkentsje

Gean mei de bern om de knuffel hinne sitten. Besjoch de knuffel ûnder it tekkentsje. Wat docht de knuffel? Hy sliept. Praat hiel sêft mei de bern. De knuffel mei net wakker wurde. Wat kinne de bern noch mear dwaan om de knuffel lekker sliepe te litten? Miskien kinne se wol in sliepferske sjonge. Of wolle se de knuffel hiel sêft oer syn kopke aaie. Ssst...

It ferhaal 'Ssst! Tiger sliept'

Nedich: it printeboek 'Ssst! De tiger slaapt' van Britta Teckentrup

Om dit printeboek yn it Frysk foar te lêzen, kin de oersetting brûkt wurde dy't fierderop yn dizze lêsbrieff stiet.

Besjoch mei-inoar it printeboek. Lês de tekst foar en doch mei de bern mei it ferhaal. Aai Tiger oer de noas, blaas hurd tsjin de ballon, skommelje it boek hinne en wer en sjong in sliepferske foar Tiger. Kinne de bern oan 'e ein fan it boek fertelle wêrom't de bisten sa har bêst dien hawwe om Tiger net wakker te meitsjen?

Boartsje: Meitsje in feestje

Nedich: in tas mei dêryn dingen dy't by in feestje hearre en dingen dy't net spesjaal by in feestje hearre. Bgl: in pakje, slingers, in feesthoed, in taartsje, in ballon, learsens, in bril, in penne, in pemper (mar it kinne fansels ek oare dingen wêze)

Tiger hat har jierdei! Fertel de bern dat jim in feestje meitsje sille. Yn de tas sit alles wat nedich is foar in feestje. Helje ien foar ien de dingen út de tas. Of lit ien fan de bern wat út de tas helje. Witte de bern hoe't it hjit? Wat kinst dermei dwaan? Soe it by in feestje hearre? Meitsje ek grapkes, lykas: 'o ja, in pemper, dy kinne wy moai ophingje, dan sjocht it der feestlik út!' Of by de lears: 'wat in moaie feesthoed!' Lit de bern al it guod dat net by it feestje heart wer yn de tas dwaan. Meitsje mei it guod dat oer is echt in feestje of brûk it by de folgjende aktiviteit.



Opsisferske: Ssst, ssst, ssst

De bisten yn it boek dogge ferskuorrend harren bêst om Tiger net wakker te meitsjen. Kinne de bern ek sa foarsichtich dwaan?

Ssst, ssst, ssst!
Alle berntsjes
op 'e teantsjes,
hiel foarsichtich, o la la....

Ssst, ssst, ssst!
Súnstjes stappe,
neat ferklappe,
in feestje foar ..(namme).., hyp hoera!

Yn de rûnte leit in knuffel te sliepen. Sis it opsisferske op en doch dat hiel súnstjes. Lis by 'ssst, ssst, ssst' in finger tsjin de lippen en rin op 'e teannen. De bern kinne meidwaan. Op 'e lêste rigel kin de namme fan de knuffel ynfolle wurde. By 'hyp hoera!' hoecht der net mear flústere te wurden mar meie de bern roppe! De knuffel wurdt wakker.

Fariaasjes:

- As de bern fan de iene kant fan de sliepende knuffel nei de oare kant rinne, nimme se hiel foarsichtich in ballon, in pakje, in slinger (of oare feestlikheden) mei. By 'hyp hoera!' wurdt de knuffel wakker en is it feest.
- Ien fan de bern leit te sliepen en de oare bern slûpe deromhinne. By 'hyp hoera!' wurdt it sliepende bern wakker.

'Ssst! Tiger sliept'

Ssst!
Tiger leit lekker te sliepen. Wy wolle har net wakker meitsje.

Mar se leit wol presys yn 't paad!
Wat moatte de oare bisten no dwaan?

Se moatte opsjitte!
En se hawwe ek noch in hiel soad ballonnen by harren.

O, o, dat wurdt spannend!
Hoe komme se derlâns sûnder dat Tiger wakker wurdt?

Gelokkich hat Kikkert in briljant idee.

Hy pakt in ballon en sweeft samar oer Tiger hinne.

Hiel tûk, Kikkert!
Mar wy moatte der wol om tinke dat Tiger net wakker wurdt.

Helpsto mei?

Sille wy har oer de noas aaie?
Dat wurket altyd.

Ja, hiel goed.

Tiger sliept noch altyd. No is it Foks har beurt. Mar... Foks is te swier foar de ballon. De ballon sakket nei ûnderen, hieltyd leger en leger.

Blaze! Blaas sa hurd ast kinst!

Pffff! Pffff! Pffff!

Wat knap fan Foks!
En wat knap fan dy!

No is it Skyldpod syn beurt.
Hy sjocht wat benaud, want...

Tiger wurdt wakker!
Aai Tiger mar oer de búk.
Sa ja, hiel sêft.
Dan falt se wol wer yn 'e sliep.

Goed dien, Skyldpod!
En do ek! Sûnder dy wie it net slagge.

No mei Mûs. Sy fynt it sa spannend dat sy fan skrik de ballon loslit.

O nee!
Mûs falt presys op...
de kop fan Tiger!

Uh-oh!
Gau, wy moatte in sliepferske sjonge!
En kinst it boek ek in bytsje hinne en wer skommelje litte?
Tigers fine it hearlik om yn 'e sliep skommele te wurden.

Pffew, dat wie op it nipperke, hè?

Earrebarre is de lêste.
Mei har hiele lange poaten hat sy de ballon net nedich.

Mar pas op, Earrebarre!
Tink om dy ballon...
PANG!

O nee.
Tiger is klear wakker!
Wat no?

Ferrassing!
Lokwinske mei dyn jierdei, Tiger!
Wolst in stikje taart?

Sille wy in jierdeiferske sjonge foar Tiger?

